

FRYSLAN-A EKSAMEN
20 septimber 2014

IV Skriuwopdracht

(60 min.)

*Sykje ien fan de ûndersteande ûnderwerpen út. De lingte fan alle opdrachten moat sa'n 300 wurden beslaan. Betink, dêr't it doel hat, in passende titel. En tink derom: wa't net oer ien fan dizze ûnderwerpen skriuwt, kriget in 3. Dat jildt ek foar wa't oer **mear** ûnderwerpen **wát** skriuwt.*

1. Jo binne hastich en wolle graach holpen wurde yn in kleanwinkel. Lykwols steane twa meiwurkers drok mei-inoar te petearjen. Jo kinne der net tusken komme. Skriuw dêr in ferhaal oer.
2. Fan 't simmer wie it WK fuotbaljen. Hawwe jo alles op 'e televizje sjoen of hawwe jo dêr krekt neat mei? Hoe hawwe jo dy tiid belibbe?
3. De simmer is altiten de tiid fan 'e festivals. Hawwe jo ek nei ien west en hawwe jo dêr wat bysûnders belibbe? Set jo ûnderfinings op papier.
4. Jo hiene in miljoen wûn mei de lotterij en al mear as de helte útjûn. Doe die bliken dat it in fersin wie en jo it jild weromjaan moasten. Skriuw dêr in ferhaal oer.
5. No skyt de kat fan 'e buorlju alwer yn de tún. It wurdt tiid foar mear drastyske maatregels... Fertel wat jo dogge.
6. Ut de winkel wei rinne jo tsjin ien oan. Hy/sy biedt syn/har ekskús oan en wol traktearje op in bakje kofje. Hoe rint dat fierder ôf?
7. Buorman, dy't altiten krekt sneins meant om de âlde buorfrou fan oer de dyk te narjen, laket jo ditkear wat al te falsk. It wurdt tiid dat ien foar dat âld minske opkomt. Betink in plan.
8. Op de lêste gearkomste fan Doarpsbelang is de simmeraktiviteit evaluearre. Jo as skriuwer hawwe ditkear nocht en meitsje der in wat mear ferheljend ferhaal fan as allinnich mar it punt foar punt opskriuwen wat elk derfan fûn. Skriuw dat ferheljend ferhaal op.
9. Hjoed-de-dei ferdwine in soad betelle banen. Foar dat wurk komme dan faak frijwilligers yn 't plak. Hoe tinke jo dêroer?